

**NIJSBRIEF & JIERFERSLACH oer 2014****Ynliding: as FFU binne wy noch net oerstallich!**

Yn it jierferslach fan ferline jier (2013) hawwe wy ús de fraach steld oft wy as lobby-organisaasje foar it Frysk yn it hiele ûnderwiis, likegoed yn Fryslân of dêrbûten, net hast oerstallich binne en dat sa njonkelytsen de wetjouwing goedernôch is en de ynfiering (ymplementaasje) neat te winskjen oerlit. Wie it mar wier ... Alle jierren wer moatte wy ta de konklúzje komme dat de Nederlânske wetjouwing foar de Fryske taal, kultuer en skiednis noch slim ûnfoldwaande is en dat op in protte skoallen de ynfiering fan it fak Frysk noch net folle op de hispel komt.

Wy moasten yn it ôfrûne jier fêststelle dat der noch gjin ferplichting op priemmen stiet foar it spesjaal ûnderwiis en it beropsûnderwiis. Nei it earste skoaltype geane relatyf in bytsje bern, mar dy hawwe neffens ús ek allegearre rjocht op goed ûnderwiis yn en troch it Frysk (as fak en as fiertaal). Nei it middelber beropsûnderwiis giet goed 60% fan de learlingen en dat is in hiele soad. Dy learlingen krije likemin *ferplichte* ûnderwiis yn ús taal en kultuer. It Haachske ûnderwiisbelied foar Fryslân is noch altiten tige skealik foar in kwalitatyf en kwantitatyf goede oerdracht fan ús taal. En it is noch mar de fraach wat de provinsje aanst bedije kin mei it skriuwen fan de keardoelen dêrfoar. Yn it jierferslach oer 2013 hawwe wy dêr folle mear oer sein (oan te klikken op ús webstek: www.ffu-frl.eu).

Ús ideeën foar yntegraal trijetalige learmiddels (sjoch ek it jierferslach oer 2013 en op ús webstek) foar yn prinsipe alle fakken hawwe wy yn ûnderskate fermiddens, û.o. by de Provinsje en by de skoalbegelieding, op it aljemint brocht. Se binne dêr mei in positive reaksje ûntfongen, mar ta konkrete maatregels hat it net laat.

Der is in beskieden oerdracht fan ûnderwiisfoech nei de provinsje ûnderweis. Keardoelen kinne aanst yn Ljouwert skreaun wurde. Mar De Haach hâldt it lêste wurd, benaud oft se dêr binne dat it Hollânsk fan it Frysk te lijen hawwe sil. De realiteit is krekt oarsom: it Frysk hat slim fan it Hollânsk te lijen.

Hiemstra hat him yn it ramt fan de *Ried fan de Fryske Beweging* sûnt de santiger jierren fan de foarige ieu al drok makke om ta in ferplichting te kommen yn it bûtengewoan ûnderwiis (sa hiet it doe noch) en hat út namme fan de Provinsjale ûnderwiisried fan Fryslân yn 1979 in sit hân yn in (Ryks)-Kommisje dy't soks regelje moast (einrapport july 1981). It útstel fan de Kommisje kaam del op ien lange sin: 'Het leerplan van de scholen voor buitengewoon onderwijs in Friesland vermeldt tevens dat het Fries mede als voertaal wordt gebruikt en geeft voorts aan dat en op welke wijze de leerlingen in aanraking worden gebracht met de Friese taal en cultuur, daarbij rekening houdend met hun ontwikkelingsmogelijkheden en hun ontwikkelingsniveau' ('*Eindrapport "Commissie Fries in het Buitengewoon Onderwijs"*', july 1981, s. 62). Net earder as ein 1984 liet in nije steatssekretaris fan ûnderwiis, drs. G. van Leijenhorst, de provinsje witte dat er de 'aanraking' oernaam, mar de ferplichte fiertaal net. Hy makke himsels en ús wiis dat 'de eigen verantwoordelijkheid van schoolbesturen ook bij de huidige facultatieve regeling wat dit betreft reeds voldoende waarborgen [biedt]' (brief steatssekretaris, 11 okt. 1984). De bekende Haachske ôfskopolityk.

Skoallen foar spesjaal ûnderwiis binne troch De Haach dêrnei nea ferplichte om omtinken te jaan oan de Frysk taal. It is ek yn de lettere *Wet op de Ekspetize Sintra* (WEC) oant hjoed-de-dei in frijbljuwend spultsje bleaun. Allinnich Skoalle Lyndensteyn te Beetstersweach woe de ferantwurdlikheid dêr't de steatssekretaris sa wis fan wie, nimme. It waard op papier in twatalige skoalle (Nederlânsk-Frysk). Mar dochs is it Frysk dêr yn de praktyk ek noch lang net oeral normaal as fak en fiertaal. De oare skoalbestjoeren yn it spesjaal ûnderwiis lieten it massaal ôfwitte. It hat ús bliken dien, dat nettsjinsteande it jierrenlang krewearjen fan de FFU, de WEC ek yn 2014 net feroare is. Wy moatte fêststelle dat de Provinsje wat dizze wet oangiet, sitten hat te sliepen. In grutte teloarstelling. Wy fernimme ek neat fan it ferplichte stellen fan it Frysk as eksamenfak yn it fuortset ûnderwiis en fan in ferplichting yn it beropsûnderwiis (lykas fan it Hollânsk en it Ingelsk).

Yn de heine takomst moatte neffens ús alle skoallen trijetalich wurde mei in wichtich plak foar it Frysk, dus foar in 'aanmerkelyk deel' lykas yn kêst 8 fan it *Europeesk Hânfêst foar Minderheidstalen* stiet. Dat oanmerklik part hawwe wy neffens Europeeske regels, ek noch troch it Ryk ûnderskreaun (!), rjocht op, mar dat rjocht wurdt troch De Haach oant hjoed-de-dei negearre en gewoanwei net neikommen (ymplementearre).

Frysk as ynstruksje- of fiertaal moat dus wetlik likegoed ferplichte wurde en neffens ús jûn wurde mei help fan *yntegraal* trijetalige learmiddels. Sadat de trije talen (Frysk/Ingelsk/Hollânsk) yn *alle* fakken, dus ek yn de oare fakken as talen, inoar fersterkje kinne troch bewuste trochgeande ferliking op oerienkomsten en ferskillen en troch it systematysk opnimmen fan dy talen (yn alle lesstof) en it leare litten fan de *spesifike terminology* (fan dy fakken) yn dy talen. Soks achtsje wy fan grut belang om ferkearde ynslûpsels (ynterferinsjes/hollânismen) yn ús eigen taal foar te kommen en om dy te bestriden. Learlingen hearre geef Frysk te learen en de learmiddels moatte yn geef Standertfrysk skreaun of gearstald wurde. En harren ûnderwizers en learaars hearre it Frysk mûnling en skriftlik goed yn 'e macht te hawwen.

In echt folweardich plak yn it hiele ûnderwiis hat it Frysk noch lang net. Ek net mei de nije, noch altiten tekoartsjittende ûnderwiiswetjouwing. Wy kinne ússels dus, ek al binne wy minmachtich, noch lang net opdoeke en hawwe jo help dêr aloan en mar wer by nedich.

Eare wa't eare takomt

Lykas ûnderwilens bekend, sette wy sûnt 2012 alle jierren ien yn it sintsje dy't har of him yn de frije tiid tige fertsjinstlik makke hat foar it oerdragen fan de Fryske taal en kultuer yn it ûnderwiisdomein. Mar ek it befoarderjen fan it Frysk yn oare domeinen kin geunstige gefolgen hawwe foar it lesjaan en de learmiddels yn it Frysk en dus yn de beneaming komme foar in eare-oarkonde fan de FFU. Dêrby kin bygelyks ek tocht wurde oan it offisjeel ferfryskjen fan gemeente- en plaknammen, sadat dy yn de learmiddels, yn atlasen en op kaarten opnommen wurde moatte. En dus oerdroegen wurde moatte op takomstige generaasjes en sadwaande bewarre bliuwe en hieltiten wer brûkt wurde troch oerheden en yn de klasse.

Sûnt 2012 binne nei it útsprekken fan in lofprizing eare-oarkonden útrikt oan Hâns de Haan fan de trijetalige basisskoalle *De Tsjelke* te Holwert, frou Straatsma-Westerhof fan Ljouwert foar har krewearjen foar de FFU en Liskje Flapper fan Burchwert foar har ynset foar it reguliere trijetalich ûnderwiis en har krewearjen foar it folwoeksene-ûnderwiis yn it ramt fan de Afûk. Op 13 nov. 2014 krige Froukje de Vries út Nij Beets dat blyk fan wurdearring op it 11^{te} symposium fan de seksje Frysk fan 'Levende Talen' (VLLT) fanwegen har grutte ynspannings, benammen ek yn har frije tiid, foar it Frysk yn it spesjaal ûnderwiis en har bydrage ta it fierder digitalisearjen fan Fryske learmiddels en folweardich brûken fan de *iPad* yn har lessen. Sokke tige fertsjinstlike frisiasten kinne jo, mei in motivearring, by ús oanmelde.

Wy rêde it net sûnder jo jildlike stipe

Lju dy't ús in bedrach 'skinke' en dat ôflûke wolle fan 'e belesting, kinne dat dwaan troch dat oer te meitsjen op rekkennûmer NL55 INGB 0001 1234 45 o.n.f. *Ried fan de Fryske Beweging, Keetwâltsje 1, Ljouwert*, mei dúdlik de fermelding '**ornearre foar de FFU**'. Wy hoopje dan mar dat de Ried wer soarget dat it op ús FFU-rekken oermakke wurdt. De Ried is erkend as ANBI (*Algemeen Nut Beogende Instelling*). Dat giet wolris mis. Sadwaande krije wy it jild leaver streekrocht op ús eigen rekken. It ledejild kin oermakke wurde op NL17 INGB 0002 3560 38, o.n.f. *FFU Feriening Frysk Underwiis, Beetsterweg 5, 9244 GC Beetsterzwaag*. Wy trune derop oan om dat op 'e tiid te dwaan. Dan hoege wy net mei werhelle fersiken te kommen, dy't ús wer (better te brûken) tiid en jild (sluven en postsegels) kostje. Nei it ferdwinen fan de akseptgiro-kaarten is it op 'e tiid ynbarren fan it ledejild foar ús in probleem wurden. Ek al wie dat net de bedoeling, dochts wurdt it oermeitsjen maklik fergetten. Jo fine by de útnoegings foar de jiergearkomste altiten in stryke mei it bedrach en ús banknûmer. Wy freegje jo dêr begryp foar en kinne net oeral efteroan.

Wy rêde it net sûnder genôch leden en jonge oanwaaks

It tal leden ferminderet alle jierren wat troch ferstjerren, jildkrapte (it is krisistiid) ensfh. De nije oanwaaks kin dat net oersljochtsje. Wy hawwe ferlet fan mear leden en jildlike stipe om goed fierder te kinnen. Wy dogge hjirby in berop op al ús leden om der by Fryksinnige freonen en goekunde op oan te stean om ús te stypjen of om lid te wurden foar €10 jiers. It Frysk sit op it stuit yn in faze fan 'bestean of net bestean'. De bedrigings binne libbensgrut. De kommende tiid is it in saak fan derop of derûnder en dan is folweardich Frysktalich ûnderwiis yn *alle* skoaltypen fan krúsjaal belang foar de oerdracht fan it Frysk oan kommende generaasjes. Dat jimme stipe en mankrêft kinne wy ek yn de takomst skoan brûke. De needsaak ta ferjonging en ferfanging wurdt hieltiten grutter. In nije generaasje sil de striid sa stadichoan fan ús oernimme moatte.

Lokkich is it ús slagge om ús bestjoer fan noch trije minsken oan de ein fan 2015 oan te foljen mei Saapke de Groot-Voolstra fan Drachten, in jonge learkrêft dy't wurksum is yn it spesjaal ûnderwiis en ús feriening wat better profilearje sil op Facebook. En oan de ein fan dat jier krigen wy de tasizzing fan Johannes Elzinga fan Frjentsjer dat er begjin 2015

ús bestjoer ek fersterkje woe (begjin 2015 hat er al ferskillende bestjoersgearkomsten bywenne). Wy binne dêr wiis mei. Ûnderwilens sykje wy fierder, want noch in bestjoerslid, leafst juridysk wat ûnderlein, derby makket ús foar de kommende jierren wat minder kwetsber.

A. Bestjoer

It bestjoer bestie oan it begjin fan 2014 út: Tom Dykstra (foarsitter), Sytze T. Hiemstra (skriuwer en fise-foarsitter), Ed Knotter (ponghâlder en boppedat somtiden notulist fan gearkomsteferslaggen) en Geart Tigchelaar (earste notulist gearkomsteferslaggen). Oan de ein fan it jier wiene dat Dykstra, Hiemstra, Knotter en Saapke Voolstra. Ed Knotter is sûnt it ferhúzjen fan Geart Tigchelaar nei Denemark ús fertsjintwurdiger yn it *Europeesk Buro foar Lytse Talen*, mei Jehannes Elzinga as syn ferfanger. Fjouwer fan de fiif bestjoersleden binne al in jiermannich mei pensjoen en wy moatte dus wurk meitsje fan ferjonging. Fanwegen eachswierrichheden fan de skriuwer (reisproblemen) en it beheinde tal bestjoersleden hawwe de measte bestjoersgearkomsten by Hiemstra thús yn Drachten west. Wy hoopje yn de takomst wer wat faker by Klaske Straatsma-Westerhof, as har en ús súnens it talit, te Ljouwert gear te kommen.

Yn 2014 kaam it bestjoer 10 kear gear (ynkl. de jiergearkomste). Gearkomstedata: 23 jann.(by Klaske Straatsma te Ljouwert), 27 febr. (by Klaske Straatsma), 27 maart (by Hiemstra te Drachten), 24 april (by Hiemstra, Drachten), 26 maaie (jiergearkomste by Klaske Straatsma te Ljouwert), 3 july (by Hiemstra, Drachten), 27 sept. (by Hiemstra, Drachten; tagelyk ôfskie fan ús (âld-)bestjoersleden Gerben Gerbrandy en Geart Tigchelaar), 3 okt. (by Hiemstra, Drachten), 6 nov. (by Hiemstra, Drachten) en op 18 des. 2014 (by Hiemstra, Drachten). Yn it bestjoer hat Knotter it notulearjen foarriedich wer oernommen. Op 8 maaie binne de jierstikken ferstjoerd (Hiemstra, Knotter).

Njonkenaktiviteiten foar it Frysk en it Frysktalich ûnderwiis

Foar it wurk yn de FFU is it fan wêzentlik belang dat wy ‘netwurkje’ en meidogge oan en yn (gâns) oare Frysksinne organisaasjes en fermiddens. Oars binne wy net (goed) ynformearre en hawwe wy ek gjin ynfloed yn en op sokke organisaasjes of op oaren. It binne organisaasjes dy’t der ornaris ek belang by hawwe dat de Friezen goed Frysk leare te praten en te skriuwen en dus ús natuerlike freonen binne. Troch mear bestjoersleden of aktive stipers reitsje wy better op de hichte, kinne wy de taken better ferdiele en kinne sadwaande mear en earder fan ús hearre litte.

Der wurdt troch de bestjoersleden besocht om geregeld artikels of oare stikken publisearre te krijen, bgl. yn de *Swingel* en *Ljts Frisia* of om de kolommen fan de beide provinsjale deiblêden te heljen (sjoch fierderop).

Dykstra, Hiemstra en Knotter wurken earder yn it ûnderwiis en binne al in jiermannich mei pensjoen. Yn eardere ferslaggen is wiidweidich yngongen op harren eftergrûn en krewearjen. Dykstra is û.o. de lêste jierren ek aktyf yn de ‘Stifting Slach by Warns’ en hy is de FFU-fertsjintwurdiger yn de *Ried fan de Fryske Beweging*. Hy skriuwt geregeld artikels oer Frysk en ûnderwiis, bgl. yn it blêd *Swingel* fan de *Ried fan de Fryske Beweging*. Ed Knotter fertsjintwurdiget de FFU yn it *Europeesk Buro foar Lytse Talen* (EBLT), is noch altiten aktyf as Afûk-lesjouwer en is û.o. korrektor fan Frysktalige romans en ferhalen dy’t útjûn wurde by de Kristlik Fryske Folks Bibelteek (KFFB), en fan it tydskrift *Nij Frisia* (blêd fan de *Jongfryske Mienskip*). Hy skriuwt artikels yn en makket tekenings foar de *Swingel* en *Nij Frisia*. Knotter hat sûnt it begjin fan dizze iuw bestjoerslid west fan de *seksje Frysk* fan de *Vereniging van Leraren in Levende Talen* (VLLT) en hat it ponghâlderskip fan dy seksje begjin 2015 dellein. Hiemstra wie sûnt 1967/’68 û.o. lesjouwer by de Afûk, mar hâldt yn 2015 op mei it lesjaan (yn it *Frysk* en yn de *Fryske skiednis*). Ein 2014, begjin 2015 komme ek syn bestjoersaktiviteiten foar de *seksje Frysk* fan de *Vereniging van Leraren in Levende Talen* (VLLT; lid fan it seksjebestjoer sûnt 1997/’98) en yn it haadbestjoer fan de VLLT (bestjoerslid sûnt 2006) ta in ein, útsein dy as *seksje-fertsjintwurdiger* yn it EBLT. It wurk yn en foar de seksje rekke(t) ek de aktiviteiten en de doelstellings fan de FFU. Hiemstra is sûnt 2006 bestjoerslid fan de *Fryske Rie* en sit foar dy organisaasje yn it Algemien Bestjoer fan de *Ried fan de Fryske Beweging*. De *Fryske Rie* organisearret meetings tusken de Friezen út ús Fryslân en dy út East- en Noard-Fryslân (Dútslân). Hiemstra skriuwt geregeld yn *Nij Frisia* oer ‘Ús eigen taal’ en oer ûnderwiissaken en hat de korreksje fan dat blêd. Saapke de Groot-Voolstra sil foar ús measte leden nij wêze. Se is jong en wennet yn Drachten. Se is noch net sa lang *learkrêft* yn it spesjaal ûnderwiis oan de Piet Bakkerskoalle te Snits en dieltiid-student foar de Master SEN (‘Special Education Needs’), spesjalisasje ‘Gedrach’. Se is ek aktyf yn de gemeentlike polityk. Jehannes Elzinga komt fan Frjentsjer en is in promovearre gemikus. Hy wurke yn ûnderskate funksjes by *Research and Development* fan *Akzo Nobel* yn Dimter en Arnhem (1983-2006), is 65 jier en as bestjoerder ek aktyf yn de provinsjale polityk. Hy is lid fan it Deistich Bestjoer fan de *Ried fan de Fryske Beweging* en skriuwt geregeld ynstjoerde stikken yn de kranten, benammen oer saken dy’t mei Fryslân en it Frysk te krijen hawwe.

B. Jiergearkomste

Op moandei 26 maaie 2014 hat de FFU syn jiergearkomste by Klaske Straatsma thús belein. It ferslach is (ek) oan te klikken op ús webstek by 'ferslaggen bestjoersgearkomsten' (2014).

Ferslach fan 'e jiergearkomste 2014

It ferslach fan de jiergearkomste fan 22 april 2013 wurdt nei inkelde opmerkings en fragen goedkard, mei tank oan de skriuwers. Datselde jildt foar it jierferslach oer 2013. It jout neffens de oanwêzigen in goed ynsjoch fan wat de FFU dien hat en noch by de ein hat. De konklúzje fan de gearkomste is dat de FFU noch net oerstallich is. Oer it wurk en de takomst fan de FFU wurde safolle nuttige opmerkings makke en suggestjes jûn dat wy net mear oan de stellings takomme.

De boekhâlding is goedkard troch Koop Scholten en Hennie Knotter-Venendaal en ús skathâlder Ed Knotter wurdt mei tank ûntlêstge. Ed syn ynset wurdt tige wurdarre. It op 'e tiid ynbarren fan ús ledejild bliuwt in probleem. Minsken ferjitte gauris har bydrage oer te meitsjen en dat jout gâns ekstra drokte. Foar de nije kaskommisje (2015) sille frege wurde: Koop Scholten en Jannes van der Velde.

C. Kontakten

**Oan te klikken op ús webstek*

I. Persoanen – Organisaasjes – Stúdzjedagen – Konferinsjes – Symposia, ensfh.

- 20-01-2014/20-03-2014/27-05-2014/19-06-2014 [temagearkomste]/19-09-2014 [jieriepening]/09-10-2014/11-11-2014/10-12-2104 (Hiemstra [8 geark.]): Haadbestjoer *Vereniging van Leraren in Levende Talen* (VLLT), Utert/Lunetten;
- 30-01-2014/06-03-2014/10-06-2014/30-10-2014 (Hiemstra [3 geark.], Knotter [4 geark.]): *seksje Frysk fan Levende Talen* (VLLT), Ljouwert;
- 21-01-2014/14-05-2014/06-09-2014 (Hiemstra [3 geark.]): gearkomsten *Europeesk Buro foar Lytse Talen* (EBLT), Drachten, Ljouwert, Doetinchem/Zutphen;
- 28-02-2014 (Hiemstra): oerlis mei Froukje de Vries, *Frysk yn it spesjaal ûnderwiis*, Nij Beets;
- 10-03-2014 (Dykstra): bestjoersgearkomste (AB) *Ried fan de Fryske Beweging*, Ljouwert;
- 28-03-2014 (Hiemstra): symposium 'Status Papiaments in Europa', stifting *Splika* en 'sectie Papiaments' (VLLT), De Haach;
- 07-04-2014 (Dykstra, Hiemstra, Knotter): ynspraakjûn oer de nammejouwing yn de nije fúzjegemeente *De Friese Meren/De Fryske Marren* oer 'De kultuerpedagogyske betsjutting fan Frysktalige toponimen' [ynsprekken fan Hiemstra]; gemeentehûs op 'e Jouwer;
- 23-04-2014 (Hiemstra): fêststelling Frysktalige nammejouwing foar gemeente *De Fryske Marren*, gemeentehûs, De Jouwer;
- 02-05-2014 (Dykstra, Hiemstra): bywenjen kaderjûn FNP oer 'Fryslân yn grutter ferbân' (mear autonomy foar 'Fryslân as selsstannige regio yn Europa' kin fan belang wêze foar it fersterkjen fan it Frysktalich ûnderwiis), kafee Duhoux, Wurdum;
- 08-05-2014 (Hiemstra, Knotter): reemeitsjen fan it ferstjoeren fan de FFU-jierstikken, Beetstersweach;
- 08-05-2014 (Hiemstra, Knotter): promoasjemiddei/-jûn foar de 'Opliedings Frysk', NHL, Ljouwert;
- 21-05-2014 (Dykstra): 'Fierder mei Frysk', Tredde Frysk Takomstpetear (Frâns Kuipers, Willem Verf, Pieter de Groot) oer it 'Orgaan foar de Fryske taal' (foarsitter fan it nije orgaan is Klaas Sytse Spoelstra), Tresoar, Ljouwert;
- 18-06-2014 (Dykstra): Ferfolchkonferinsje oer it brûken fan *Evaluasje-ynstruminten en Toetsen by Frysk* (oer it nije evaluaasjesysteem foar it fak Frysk yn it primêr en fuortset ûnderwiis), Post Plaza, Ljouwert;
- 26-06-2014 (foar oanwêzigen, sjoch ferslach): Jiergearkomste FFU, Bleekhof 55 by Klaske Straatsma, Ljouwert;
- 08-09-2014 (Dykstra): bestjoersgearkomste (AB) *Ried fan de Fryske Beweging*, Ljouwert;
- 18-09-2014 (Dykstra, Hiemstra): presintaasje nij 'Orgaan foar de Fryske Taal' ('*Dingtiid*'), Earnewâld;
- 27-09-2014 (Dykstra, Hiemstra, Knotter): 'It Frysk ferbynt', Stifting Slach by Warns (ynformaasjeoerdracht & netwurkje), Warns;
- 29-09-2014 (Dykstra): Temajûn FNP oer 'Taal & Underwiis', kafee Duhoux, Wurdum;
- 01-10-2014 (Dykstra, Knotter): oerlis mei en ynformearjen fan ûnderwiisman Weima fan it nije taalorgaan 'Dingtiid' oer de noch altiten nuodlike posysje fan it Frysk yn it ûnderwiis, Blokhûspoarte, Ljouwert;
- 07-11-2014 (Hiemstra, Knotter): 'Landelijke Studiedag' (LSD) VLLT, Utert;
- 13-11-2014 (Dykstra, Hiemstra, Knotter): 'Fierder mei Frysk 11', stúdzjedei seksje Frysk, VLLT, Ljouwert;
- 24-11-2014 (Dykstra): oerlis fan Tom Dykstra (FFU), Pier Bergsma en Geart Benedictus (RfdFB) mei it CEDIN/Taalsintrum Frysk oer de gearwurking en (benammen) oer yntegrale meartalige metoaden, Adverium, Drachten;

03-12-2014 (Dykstra) oerlis yn de mande mei Pier Bergsma en Renze Valk (RfdFB) mei de provinsjale amtners Tsjerk Bottema en Eildert Duijff oer it fuortsetten fan 'Boppeslach' (û.o. oer de kearndoelen en it bekostigjen fan Fryske lessen yn it fuortset ûnderwiis), Provinsjehûs, Ljouwert;
 -28/29-11-2014 (Hiemstra): International Expert Seminar 'Multilingualism & Social Media' fan SOAS & Mercator, Ljouwert;
 - 29-12-2014 (Hiemstra, Elzinga): Krystkongres Fryske studinten oer 'Fryslân, in Apart Lân' (ynformaasjeoerdracht en lobbywurk), Frjentsjer.
 - It besprekken fan ûnderwiissaken oangeande de Fryske taal yn it ramt fan it 'Greide-oerlis' (fan de *Ried fan de Fryske Beweging*) hat yn it ferslachjier 2014 gjin ferfolch krige.

D. Brieven en oare stikken

*Meast relevante brieven en oare stikken fan (útgien: 📧) en foar (ynkommen: 📩) de FFU.
 Mei *(stjerke): oan te klikken op ús webstek.*

Utgien:

***08-10-2013/28-01-2014 📧FFU: FFU-brieven oer it plak fan it Frysk as fak en as fiertaal op de Steve Jobsschool en it Koopmans College**

Omdat de *Master Steve Jobsschool* te Snits (basisûnderwiis) en it *Koopmans College* yn Hurdegaryp (fuortset ûnderwiis) op harren webstek alhiel gjin ynformaasje jouwe oer it plak fan it Frysk as fak en as ynstruksjetaal op harren skoalle, hat de FFU it bestjoer en de direksje fan beide ûnderwiisinstellings oanskreaun. Ein desimber 2013, mear as twa moanne letter, is fan beide skoallen noch gjin reaksje ynkommen. Dat jout te tinken.

***04-03-2014 📧FFU: FFU-brief oan de Fryske Akademy oer de stavering en standert fan it Frysk**

Doe't ek de *Feriening Frysk Underwiis* (FFU) yn in kolum fan Abe de Vries ('*Ynfiering fan Sovjetfrysk?*, *Frysk Deiblêd*, 26 febr. 2014) yn negative sin behelle waard yn de 'diskusje' oer de oanpassing fan de stavering en oer in (noarmearjende) standertwurldlist Frysk, tocht de FFU der goed oan te dwaan om de taalkundigen fan de Fryske Akademy in stipe yn 'e rêch te jaan. Tefolle wiene tsjinstanners as Pieter Breuker en Henk Wolf mei prosedurele spultsjes dwaande. Boppedat achte de FFU harren argumenten tsjin it fierder standerdisearjen fan it Frysk, foarsafier't dy der wiene, net falide. De FFU is fan betinken dat de standert fan it Frysk fierder ûntwikkele wurde moat troch de Fryske Akademy, mei foldwaande stipe fan de provinsje. Dat is tige fan belang foar it ûnderwiis.

***07-04-2014 📧FFU: De kultuerpedagogyske betsjutting fan Frysktalige toponimen**

Op 7 april 2014 is yn de bestjoerskommisje fan de nije fúzjegemeente 'De Friese Meren' it foarstel ynbrocht om de gemeentenamme te feroarjen yn '**De Fryske Marren**', yngeande 1 july 2015, om dêrmei útfiering te jaan oan it koalysje-akkoart FNP-CDA 2014-2018. Fanwegen it grutte *kultuerpedagogyske* belang fan Frysktalige toponimen, ek foar kommende generaasjes Friezen, hat Sytze T. Hiemstra, FFU-skriuwer, by dy gearkomste yn it gemeentehûs op 'e Jouwer ynsprutsen om it foarstel ta ferfrysking te stypjen.

***05-05-2014 📧FFU: FFU-brief oan de ûnderwiisynspeksje oer it Frysk op twa skoallen**

FFU-brief oer it ûnderwiis yn it Frysk op de *Steve Jobsschool* (Snits) en it *Koopmans College* (Hurdegaryp). De FFU hat beide skoallen twa kear in brief skreaun mei in fersyk om ynformaasje oer it plak fan it Frysk op harren skoallen (sjoch hjirûnder by brieven d.d. 08-10-2013/28-01-2014), mar dy waarden net beändere. Om dy reden hat de FFU him no rjochte ta de provinsje Fryslân en de 'Ynspeksje fan it ûnderwiis'.

***09-07-2014 📧FFU: De taken fan it 'Taalorgaan voor de Friese taal'**

Publikaasje fan T. Dykstra (foarsitter FFU) en S.T. Hiemstra (skriuwer FFU) oer de taken fan it 'Taalorgaan foar de Fryske taal', ornearre foar it orgaan sels en foar belangstellenden. De FFU is fan betinken dat it orgaan in wichtige rol spylje kin yn it krewearjen foar in *werklik* (oan it Hollânsk) likense posysje fan it Frysk yn it Fryske taalgebiet. De nije 'Wet gebruik Fries taal' hat it oer 'de gelijke rechten van de Nederlandse taal en de Friese taal binnen de provincie Fryslân te waarborgen'. Dêr komt yn de praktyk noch te fierste min fan op 'e hispel.

De FFU formulearret in tal konkrete taken foar it orgaan mei it each op it *ûnderwiis*, û.o. oangeande de ûntheffingskritearia foar skoallen; it taalbelied fan de WEC-skoallen; de ferplichting fan it fak Frysk yn it mbû en in folweardich plak yn de mbû-eksamens; in folweardich plak foar it Frysk as fak en fiertaal yn/op de Fryske pabû's en in Frysk-freonliker beneamingsbelied yn it hbû; it ûntwikkelje litten fan yntegraal, meartalich lesmateriaal foar alle fakken, mei in folweardich plak foar de Fryske taal en kultuer en de skiednis fan de *Friezen* (is gâns mear as de skiednis fan *Fryslân*); it stúdzje meitsjen fan ús 'Oanfalsplan Frysk', de advisearring oer in VLLT-advys om yn hiele Nederlân te

kommen ta it kieze kinnen fan de *eigen thústaal* as fak yn it ûnderwiis (is bgl. fan belang foar it kieze kinnen fan Frysk *bûten* Fryslân).

***12-07-2014 🇳🇱FFU: notysje ferfolchûndersyk sosjale media troch Jongbloed**

In stikmannich notysjes en winsken fan FFU-foarsitter Tom Dykstra foar FA-ûndersykster Lysbeth Jongbloed oangeande fierder ûndersyk nei it taalgebrûk fan Fryske jongerein op de sosjale media en de relaasje mei it ûnderwiis.

- 14-10-2014 🇳🇱FFU: opmerkings by it konsept fan it FNP-ferkiezingsprogramma Taal, (Kultuer) en ûnderwiis

De FFU kriget en nimt de gelegenheid te baat om syn winsken en suggestjes foar it Frysk yn it ûnderwiis troch te jaan.

***21-10-2014 🇳🇱FFU/RfdFB: Boppeslach 2, (1) brief oan Provinsje mei (2) útstellen**

Brief oan de provinsje Fryslân út namme fan de *Ried fan de Fryske Beweging* en de FFU oer it fuortsetten fan it provinsjale ûnderwiisstimulearringsprojekt *Boppeslach*, dat yn 2015 ôfrint. De grûnslach foar dat brief foarmje de FFU-útstellen op dat stik. Dêryn wurde útgongspunten formulearre en mooglikheden oanjûn.

***13-11-2014 🇳🇱 Laudatio foar Froukje de Vries, lofprizing fan har wurk foar it ûnderwiis yn it Frysk, útsprutsen op 13 novimber 2014 troch Tom Dykstra, foarsitter fan de FFU**

Ús fjirde eare-oarkonde is útrikt op it 11^{de} kongres fan de *seksje Frysk fan Levende Talen* oan Froukje de Vries fan Nij Beets. Al ier is Froukje begûn mei it krewearjen foar ús taal. Benammen op *Skoalle Lyndensteyn* (in skoalle foar bern mei lichaaamlke en gauris ek geastlike beheinings) te Beetstersweach en as lesjouster by de Afûk. Mei de Afûk-akte as bewiis fan bekwamens waard Froukje sûnt 2001/2002 sels learkrêft Frysk op alle ôfdielings foar fuortset ûnderwiis op dy skoalle. Yn dat ramt is se aloan dwaande mei fernijing en ferbettering fan har ûnderwiis en besiket sy benammen ek de *iPad* in folweardich plak te jaan yn har lessen. In hiel grut part fan Froukje har frije tiid giet deryn sitten om har ta te rieden en om saken op dat mêd te ûntwikkeljen. Hja is in pionier op it mêd fan it ûnderwiis yn it Frysk yn it spesjaal ûnderwiis. Op dat stik komt winliken net ien yn Fryslân op it stuit oan har ta.

Ynkommen:

***13-01-2014 🇳🇱 Twadde rapport fan de Advyskommisje foar it Ramtferdrach foar de Beskerming fan Nasjonale Minderheden**

Op 14 jannewaris 2014 joech it *Friesch Dagblad* omtinken oan it ferskinen fan it twadde rapport fan de *Advyskommisje foar it Ramtferdrach foar it Beskermjen fan Nasjonale Minderheden*, dat de *Ried fan Europa* (sept. 2012) op 13 jannewaris 2014 frijjûn hie. It *FD* sinjalearret dat it tal learkrêften dat de taal echt goed genôch behearsket om dy oerdrage te kinnen, lyts is. It tal learlingen dat yn it fuortset ûnderwiis Frysk yn it pakket hâldt, is ek lyts. It kabinet dielt dy soargen, skriuwt it yn in skriftlike reaksje, dat tagelyk taheakke is.

Op side 35 fan dit twadde rapport stiet û.o. oer de ûnderwiiskêsten 12-14:

Kêst (artikel) 12: “De Partijen nemen, waar nodig, maatregelen op het terrein van onderwijs en onderzoek ter bevordering van de kennis van de cultuur, geschiedenis, taal en godsdienst van hun nationale minderheden, evenals van de meerderheid. [...]”. Oangeande de kêsten 12-14 konstatearret de kommisje (s. 35-36):

“14. De Commissie van Experts *constateert* dat de Friese taal een verplicht vak is op basisscholen en de onderbouw van het voortgezet onderwijs in Fryslân en *constateert* dat, bij gebrek aan een specifieke bepaling, de definitie van de omvang van een adequate hoeveelheid lessen in het Fries onderhevig is aan onenigheid tussen de overheid en vertegenwoordigers van de Friese minderheid. De Commissie van Experts *is van oordeel* dat de overheid voldoende aandacht dient te schenken aan de eisen van de Friese minderheid.

15. De Commissie van Experts *constateert* dat een model van drietalig onderwijs (Nederlands, Fries en Engels) is geïntroduceerd op een aantal basisscholen en *is van oordeel* dat de overheid haar steun aan het drietalig onderwijs dienen [dient?] voort te zetten.

16. De Commissie van Experts *constateert* dat er voorzieningen zijn getroffen voor de opleiding van docenten Fries, maar dat daar niet voldoende gebruik van wordt gemaakt en *is van oordeel* dat de overheid meer stimulansen dient te overwegen om docenten in het primair en secundair onderwijs gebruik te laten maken van de betreffende voorzieningen. Voorts *constateert* zij, dat er nog geen opleiding Fries voor kleuterscholen is geregeld en *is van oordeel* dat de overheid deze tekortkoming dient te verhelpen.”

***14-01-2014 🇳🇱 Kommentaar fan Tom Dykstra by it ‘Strategysk beliedsplan 2014-2017’ fan de Ried fan de Fryske Beweging**

Op persoanlike titel skreaun kommentaar fan FFU-foarsitter Tom Dykstra op it 'Strategysk Beliedsplan 2014-2017' fan de *Ried fan de Fryske Beweging*. Dykstra sit foar de FFU yn it Algemien Bestjoer fan de Ried. Omdat der rekken holden wurde moast mei de kapdatum foar it ynleverjen fan in reaksje (heal jannewaris 2014) wie de tiid te koart foar de FFU om it beliedsplan noch yngeand te besprekken. It FFU-bestjoer kin it lykwols lykfine mei Dykstra syn kommentaar.

***30-01-2014 🇳🇱Ferslach fan in part fan de plenêre gearkomste fan de Twadde Keamer oer it wizigjen fan trije wetten foar it ûnderwiis yn it Frysk**

Op 30 jannewaris 2014 is it wetsfoarstel foar it wizigjen fan de wetten op it *primêr ûnderwiis*, it *fuortset ûnderwiis* en de *eksportizesintra* yn ferbân mei de Fryske taal (336118) yn de Twadde Keamer plenêr bepraat.

E. Publisiteit

*Oan te klikken op ús webstek: www.ffu-frl.eu. In stikmannich artikels fan FFU-bestjoersleden oer FFU-aktiviteiten, dy't publisearre binne of omtinken krige hawwe yn guon media. It is foar ús net altiten goed nei te gean oft en hoe't der publisiteit jûn is oan ús krewearjen yn de ûnderskate media (bgl. *Omrop Fryslân*, it ynternet of de wyk- en streekblêden). It oersjoch is dus beheind. Guon bestjoersleden reagearje út en troch ek op en yn (it digitale) *It Nijs* fan de *Ried fan de Fryske Beweging* of op it plak fan de FFU op *Facebook*. Dat lêste sil benammen fersoarge wurde troch Saapke Voolstra. Earder waard soks dien troch Geart Tigchelaar.

Swingel (blêd fan de Ried fan de Fryske Beweging)

Artikels út *Swingel* binne (ek) oan te klikken op: www.fryskebeweging.nl/Mear_oer_de_Fryske_Beweging/Swingel. It blêd jout út en troch ek omtinken oan it trijetalich ûnderwiis.

Ed Knotter skriuwt geregeld taalstikjes foar de *Swingel* ûnder de kop '*Apart, dat Frysk*'. Alle kearen wurde spesifyk Fryske of aparte taalferskynsel besprutsen. Dat wie ek yn 2014 it gefal.

- *Swingel*, nû. 41, juny 2014: in artikel fan Tom Dykstra ûnder de kop '*Mear Ingelsk, better Frysk?*' (s. 12-13) oer de frage oft it Frysk foldwaande omtinken kriget yn basisskoalle 'De Pôlle' te Marsum. As iennichste Fryske basisskoalle hie ûnderwiissekretaris Dekker dy trijetalige skoalle oanwiisd om mei de dwaan oan it lanlik projekt foar *Tweetalig Primair Onderwijs* (TPO).

Nij Frisia (blêd fan de Jongfryske Mienskip)

Sytze T. Hiemstra hat in eigen rubryk yn *Nij Frisia*, 'Ús eigen taal'. Hy komt dêryn geregeld op de tekst oer it Frysk en it ûnderwiis. Ed Knotter en Tom Dykstra stjoere sa út en troch ek in bydrage yn. Knotter makket foar it blêd boppedat tekenings dy't it ûnderwiis en it Frysk ta ûnderwerp hawwe.

Yn *Nij Frisia* stiene yn 2014 û.o. de neikommende artikels:

- *jrg. LXIII, nû. 1, maart 2014: Sytze T. Hiemstra syn 14^{de} *Ús eigen taal yn Nij Frisia* (earder *Lyts Frisia*) (s. 4-8) oer '*It fierder standerdisearjen fan it Frysk is needsaaklik (1)*'. Fierder skriuwt Hiemstra yn itselde nûmer oer de '*Promoasje Jelske Dykstra yn Frjentsjer*' (2013) op in proefskift oer '*Growing up with Frisian and Dutch*' (s. 8-10). En boppedat oer '*Ljouwerteradiel en it Frysk*' (s. 14) oangeande de iensidich Hollânsk-talige promoasje op *Omrop Fryslân* oer de takomst fan de gemeente Ljouwerteradiel.

- *nû. 2, juny 2014: Hiemstra syn 15^{de} *Ús eigen taal yn Nij Frisia* (s. 4-9) oer '*It fierder standerdisearjen fan it Frysk is needsaaklik (2)*' mei dêryn ôfprinte it brief dat de FFU dêroer skreaun hat (d.d. 4 maart 2014) oan de taalkundige ôfdieling fan de Fryske Akademy (s. 8). Fierder is Hiemstra syn ynspraaktekst oer '*De kultuerpedagogyske betsjutting fan Frysktalige toponimen*' oangeande de nammeferoaring fan de nije fúzjegemeente *De Friese Meren* yn *De Fryske Marren* opnommen (s. 12).

- *nû. 3, sept. 2014: Hiemstra syn 16^{de} 'Ús eigen taal' yn *Nij Frisia* oer "*It rjocht fan 'ús eigen taal' om 'keninginne' te wêzen yn 'ús eigen lân'*" (s. 4-6). Fierder beskriuwt Hiemstra yn itselde nûmer yn in artikel mei de titel '*Gean foar it Frysk*' (s. 12-15) de betsjutting fan prof. dr. Reinier Salverda, direkteur fan de Fryske Akademy, foar de Fryske striid en de Fryske wittenskip, mei dêryn opnommen in taspraak fan Salverda (mei deselde titel), holden op 28 sept. 2013 op it *Reaklif* by de betinking fan de *Slach by Warns*.

- *nû. 4, des. 2014: Hiemstra syn 17^{de} 'Ús eigen taal' yn *Nij Frisia* oer '*Taalferdragen foar taalminderheden moatte neilbbe wurde!*' (s. 4-6). Fierder skriuwt Hiemstra oer de '*Slach by Warns-betinking 2014: "It Frysk ferbynt"*' (s. 17-22) mei deryn û.o. de iepeningstaspraak fan Tom Dykstra op it *Reaklif* en de taspraak fan Lysbeth Jongbloed-Faber oer it taalgebrûk fan Fryske jongerein op de sosjale media. Op side 15 stiet de FFU-laudatio foar Froukje de Vries ôfprinte mei in kreaze foto derboppe fan Froukje en Tom, dy't by it útrikken fan de eare-oarkonde makke is.

Leeuwarder Courant

- *08-04-2014 (webstek: 'Aktueel'): krantestikje ûnder de kop '**Inspreker gekapitteld**' (s. 22/23). In riedslid fan *De Friese Meren* fiede him yn de riedsgearkomste fan *De Friese Meren* oansprutsen troch ynsprekker **Sytze Hiemstra** út Drachten fan de **Feriening Frysk Underwiis** (FFU). Hiemstra wiisde yn dy gearkomste û.o. op de kontreien 'om it Naardermeer of de Loosdrechtse Plassen hinne as oantreklike (wen)alternativen foar wa't eigentalige toponimen net ynskikke wol'.

F. Webstek FFU en digitale sosjale media

Wy binne mei ús eigen stee op it wrâldwide web úteinset op 1 jannewaris 2005 en kinne dêr sa njonkelytsen alderlei saken op kwyt dy't wy fan belang achtsje foar (de oerdracht fan) de Fryske taal, kultuer en skiednis yn en ek bûten it ûnderwiis. Ûntjouwings yn oare maatskiplike domeinen as it ûnderwiis binne (ommers) fan grut belang foar it plak en de betsjutting fan it Frysk binnen it ûnderwiis, omdat de skoalle de tekoarten yn de maatskippij net samar ferhelpe (kompensearje) kin.

It tal 'pageviews' wie 1692 oan de ein fan 2005 en 3134 oan de ein fan 2006. Ein 2007 wie dat: 4378; ein 2008: 5437; ein 2009: 6335; ein 2010: 7070; ein 2011: 8212; ein 2012: 9187; ein 2013: 10.034 (Ned.: 96%; FS/USA: 1,3%; Dsl.: 1,1%, ferskate oare lannen ûnder de 1%; op 11 maart 2014: 10205). Yn de rin fan it jier krige de teller problemen, mar tusken 28 maart 2014 en 22 july 2014 foelen der dochs noch 342 'pageviews' op te tekenjen. Sûnt july koene wy gjin tallen en persintaazje mear oanklikke. Sytze jr. hat op 10 jannewaris 2015 in nije teller ynstallearre (One Stat.com) dy't ús op de hichte hâldt fan de saneamde 'pageviews' (trochinoar fjouwer kear deis; op 24-03-2015: 272) en 'visits' (sa'n trije kear deis; op 24-03-2015: 227). Út oare kontinenten en wrâlddielen as Europa wurde wy faker besocht as dat earder wol it gefal wie.

Sytze T. Hiemstra (sr.) riedt sûnt 2005 foar de ynhâld en Sytze J. Hiemstra (jr.) soarget derfoar dat dy op ús webstee komt. Hiemstra jr. kriget it minimumlean foar syn oeren. It is feitlik mear in lytse fergoeding foar in stikje willewurk. De ynhâld fan ús stek wurdt fansels ek op oare wize oanklikt, bgl. fia Google, en dan hawwe wy folle mear besikers. Mar dêr hawwe wy gjin sicht op. Ûnderwilens is der in aardich argyf fan ús op it net te finen. Jo kinne ús net allinnich fine fia www.fryskebeweging.nl, mar sûnt 2010 ek troch it oanklikken fan www.ffu-frl.eu. It FFU-webstek wurdt geregeld besjoen en rieplachte. It is in effektyf middel om ferwize te kinnen nei alle foar it wurk fan de FFU rillewante ynformaasje. Alle jierferslaggen en ferslaggen fan ús gearkomsten binne fan 2005 ôf oan te klikken op ús webstek by *Ferslaggen bestjoersgearkomsten*.

De FFU is sûnt 2012 ek aktyf yn en op de digitale sosjale media, sawol op *Twitter* as op *Facebook*. Lâns dy wei sille wy jimme likegoed op de hichte hâlde fan ús wjerfarren. It is somtiden in gaadlik medium om op aktuele saken te reagearjen en de diskusje libben te hâlden. Saapke Voolstra hat in nij (twadde) Facebook-akkount fan de FFU iepene.

G. Wat wol de FFU ek al wer?

Lykas ferline jier wolle hjirre nochris koart gearfetsje wat de *Feriening Frysk Underwiis* needsaaklik achtet om it Frysk (yn it ûnderwiis) te hoedzjen en te noedzjen (op ús FFU-webstek sjogge jimme wiidweidiger wat wy krekt wolle en wat wy dêrfoar dogge of dien hawwe):

- 1. It Frysk moat de *earste* taal wurde yn Fryslân, dus ek yn it ûnderwiisdomein. Dat hâldt ûnder mear yn dat it Frysk yn it eigen taalgebiet in normaal, folslein akseptearre, mûnling en skriftlik kommunikaasjemiddel wurde moat en as sadanich yn it meartalich ûnderwiis as fak en as fiertaal in folweardich plak fertsjinnet.
- 2. It Frysk moat in *ferplichte* (eksamen)fak wurde foar alle learlingen yn Fryslân en in *ferplichte* ynstruksjetaal (by guon oare fakken) yn it algemien foarmjend ûnderwiis (foarskoalsk ûnderjocht, basis- en fuortset ûnderwiis, spesjaal [fuortset] ûnderwiis) en it **beropsûnderwiis** (mbû en hbû). De foarderings fan de learlingen yn de Fryske taal en de Fryske skiednis moatte folge wurde mei in noarmearre, falide en betrouber learlingfolch- en toets(ings)systeem.
- 3. De *kearndoelen* en *eksameneasken* foar de Fryske taal, kultuer en skiednis moatte lykweardich wêze oan de kearndoelen en eksameneasken foar it Hollânsk (Nederlânsk) en de Hollânske (Nederlânske) skiednis. It foech dêroer moat by de provinsje Fryslân lizze.
- 4. Op it nivo fan de skoalle as *organisaasje* moat it Frysk yntern en ekstern mûnling en skriftlik folweardich (oan it Hollânsk) funksjonearje (bgl. yn de administraasje en korrespondinsje, op buordsjes en paadwizers, opskriften, brievpapier ensfh.) Dy 'sichtberenseask' moat ien fan de bekostigings- en subsydzjebetingsten wêze.
- 5. De Fryske *learare-opliedings* foar it basis- en fuortset ûnderwiis moatte twa- of trijetalich funksjonearje, mei in plak foar it Frysk as fak en as ynstruksjetaal dat net minder is as dat fan it Hollânsk (Nederlânsk) en it Ingelsk. De

dosinten/oplieders dy't it Frysk as *ynstruksjetaal* brûke by oare fakken as it fak Frysk, moatte it Frysk sels ek op in goed nivo behearskje (Afûk-diploma C of ferlykber nivo as ûndergrins).

- 6. De *learmiddels* foar it twa- of trijetalige basis- en fuortset ûnderwiis (ynklusyf it spesjaal ûnderwiis) moatte it Frysk *yntegraal* in op syn minst *lykweardich plak* jaan oan dat fan it Hollânsk en it Ingelsk (oanpart 35% of mear). De trije talen yn dy *yntegrale learmiddels* moatte ûnderling *systematysk ferlike* wurde op ferskillen en oerienkomsten.

- 7. Alle *ûnderwiisynspekteurs* en *ûnderwiisbegelieders* dy't (ek) yn Fryslân har wurk dogge, moatte it Frysk aktyf mûnling en skriftlik op in foldwaande nivo behearskje en in goede kennisse hawwe fan de Fryske kultuer en skiednis (Afûk-diploma C of ferlykber nivo as ûndergrins; ferl. ek ús *Oanfalsplan*, noat 66, s. 67-68).

- 8. Nije *ynkommelingen/migranten* yn Fryslân moatte it Frysk op syn minst ferstean en lêzen leare en dat oantoane kinne (bgl. troch it op in foldwaande nivo ôflizzen fan noarmearre, falide en betroubere toetsen). Dy taak soe troch de Afûk útfierd wurde kinne.

- 9. Der soe mear (wetlike en feitlike) romte komme moatte foar learlingen bûten Fryslân om op skoallen bûten ús provinsje (op oanfraach fan de âlden) Frysk te kiezen. Ek oare talen as Nederlânsk en Ingelsk (oeral ferplichte fakken) besykje oer it hiele lân op dat stik mear rjochten te krijen, wêrby't nije digitale mooglikheden en ôfstânsûnderwiis dat yn de praktyk realisearje kinne. Der sille yn it him ûntwikkeljende Europa (EU) mear taalrjochten komme moatte foar de lytse(re) autochtoane talen, wol it biedwurd 'ienheid yn ferskaat' gjin lege dop bliuwe en wolle dy har steande hâlde kinne foar de oerhearskjende talen oer.

Stypje jo ús by ús stribjen? Wy kinne jo help net misse!

It bestjoer